

# Stap foar stap: De Tomketeek



- **Hoe komsto dêr?**

→ Gean nei [tomke.nl](http://tomke.nl) → '[Tomke foar professionals](#)' → '[Nei de Tomketeek](#)'

Of

→ Gean streekrjocht nei [tomke.edufrysk.nl](http://tomke.edufrysk.nl)

Nei it ynloggen komsto yn de Tomketeek. De Fryske digitale materialen foar pjutten binne hjir sammele ûnder 13 tema's. Dêrfan komme 12 tema's oerien mei de tema's fan de 'Doch mei Tomke'-map. Yn it 13<sup>e</sup> tema 'Noch mear mei Tomke' binne materialen sammele dy't net ûnder ien fan de oare tema's passe.


- **Oan de slach**

Oan de hân fan in foarbyld wurdt útlein hoe'st de materialen fine en brûke kinst.

Yn it foarbyld sykje wy materialen by it tema 'Ferkear'.


→ **Loch yn op de Tomketeek**

Tusken de tema's stiet it tema '03. Underweis'.




→ **Klik op it tema**

Under it plaatsje ferskine no in oantal subtema's.



→ Kies in subtema


Yn dit foarbyld kieze wy foar '3.1 Op 'en paad'. Do komst no yn in soarte fan biblioteek mei allegear materialen dy't passe by dit tema. Ferhaaltsjes, filmkes, ferskes, opsiferskes, kleurplaten, nifelwurkjes, praatplaten, boeketips, wurdlisten/ kaarten en deiritmekaarten.




→ Kies in materiaal en klik dêrop om it te besjen. No kinst mei it materiaal mei de pjutten oan de slach.

- Kinst it materiaal ek printsje. Dat dochst troch op de 3 puntsjes rjochtsboppe te klikken en dan op 'Printsjje'.


Ast boppe it materiaal op de kategoryen klikst, krijst allinnich dat materiaal te sjen.



Materialen kinst ek sykje mei it sykfjild. Dat sykfjild stiet boppe de tema's. Yn it sykfjild kinst dyn sykwurd type. Yn dit gefal 'ferkear'. Do krijst dan alle materialen dy't passe by 'ferkear'.



Rjochts fan dit sykfjild, kinst in tema selektearje.



Hast noch fragen of op- of oanmerkingen? Nim kontakt op fia [ynfo@tomke.fr](mailto:ynfo@tomke.fr). Wy winskje jim in soad wille ta mei de Tomketeek!